

Ta Jo

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 253 3

1e printinge 2010

© 2010 Marije Haaima-Hoekstra

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhandel of
rjochtstreeks by de útjouwerij:

Útjouwerij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Postbus 2532

8901 AA Ljouwert

Til: 058-2894857

www.elikser.nl

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra
Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch stipe
fan it Anders Minnes Wybenga fûns

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde of opslein yn in automatysearre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch middel fan printinge, fotokopy, mikrofilm of op hokfoarwize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjouwerij.

Niets út deze uitgave mag worden veelevoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaand schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Ta Jo

Bondeling fan de fersprate gedichten, ferhalen en
spreuken fan Marije Haaïma-Hoekstra
foar bern en jeugd en âlderen

Ta Jo slach ik de eagen op, dy't yn 'e himel troanet.
Sjuch, lyk as de eagen fan tsjinstfeinten op 'e hân fan har hear,
lyk as de eagen fan in tsjinstfaam op 'e hân fan har frou,
sa binne ús eagen op 'e Heare ús God, oant Er ús genedich is.

Psalm 123:1,2 (Oersetting dr. G.A.Wumkes, steatestavering)

Ynhâld

Gedichtebondels “Ta Jo”, “Goudglâns”, “In Boeket Snypsnaren”.

Noch net publisearre gedichten.

Koarte ferhalen út “In Boeket Snypsnaren”.

Poesyalbum mei plaatsjes “Ta oantinken fan”.

It liet “Simson”.

Ferkoarte werjefte fan it fammeferhaal “Jinneke”
(Wie: “It jonge libben”)

Ferkoarte werjefte fan de skoaljongesferhalen “Piter Propke”.

Intervjoe fan De Fleanende Krie septimber 2009.

Gedicht foar Keninginne Beatrix.

Beukerboekje mei yllustraasjes, nij wurk.

Spreuken en siswizen fan losse blêden; steane fer-
spraat troch de bondel

Spreuken en siswizen út it boekje “Út it hert”; idem,
mei as foarfoeging in pompeblêd.

Oer “út it hert” skriuwt Marije Haaïma: Dizze spesjale útjefte is ta stân kommen yn oparbeidzjen mei Studio Haaïma, Reclame en ontwerpstudio. In bysûndere gearwurking, omdat dit it bedriuw fan myn beppesizzer Annemarijke Haaïma is. Graach wol ik har tankje foar it noflik oparbeidzjen en it moaie resultaat dat dêrút fuortkommen is.

In grut tal gedichten en koarte ferhalen kin brûkt wurde foar foardrachten.

Sjoch foar wiidweidiger ynhâldsopjefte efter yn dizze bondel.

FOARWURD

It is my in foarrjocht om dit boek mei de sammeling fan myn gedichten en ferhalen út te jaan, dat ûntstien is troch it oparbeidzjen mei dûmny Paul Hekstra út Ljouwert en mei de útjouster Jitske Kingma fan Elikser út deselde stêd, dy't ek ynhâldlik meitocht hat. Hekstra hat mei nocht de hiele kolleksje bewurke en ik jou him hjir efkes it wurd dêroer.

De namme Marijke Haaima-Hoekstra en har skriuwersonamme Marije Haaima wiene my ûnbekend oant ik yn de jierren njoggentich mei djipgeande fragen siet en it boekje “Ta Jo” lizzen seach. Dy titel pakte my, want myn problemen hiene te meitsjen mei de Allerheechste en syn bestjoer oer minskelibbens. Doe die ik it boekje iepen en seach gedichten, dy't just dat as ynhâld hiene. En hoe!

Ek de manier fan skriuwen spruts my oan: de styl, it rym, it ritme, de alliteraasje en de wurdkar, dy't de gedichten fier boppe de deistige deisichheid úttilden.

Op in stuit mocht ik de skriuwster in yntervjoe ôfnimme foar it tydskrift “De Fleanende Krie”. Dat fraachpetear is yn dizze bondel opnommen. Foar gegevens oer de persoan ferwiis ik dêr nei. Doe joech se my op myn fersyk fan al har boekjes in eksimplaar mei. Ek it prachtige “Goudglâns”. Fan de lytsere publikaasjes foar kalinders, aansichtkaarten en rou- en

troukaarten krige ik alle losse blêden en fan har nije wurk de hânskriften. Sa begûn it kontakt te rinnen.

It foel my op, dat har poësjy sterker fan styl is as har proaza, mar dochs trof my ek yn har debútroman “It jonge libben” (1975; no omdoopt ta “Jinneke”) en yn it rûge “Piter Propke” de krêft fan har boadskip. Folslein ûnterjocht hat har earste resinsint har earste boek ôfmakke as “in goedkeap bekearingsferhaal”. It is gjin bekearingsferhaal, mar in beskriuwing fan it libben yn in Kristlike húshâlding op in doarp besuden Ljouwert.

Marijes wurk is gjin profesjonele literatuer; it is folkslektuer. Dochts kin men yn de gedichten it gefoel krije, dat har emoasjes har ta in benei literêr nivo brocht hawwe. Har emoasjes fielt men, as men de gedichten lêst oer it libbenslot, de natuer en de bern. Humor leit yn de koarte ferhalen.

It like my de muoite wurdich om it wurk te sammeljen yn ien bondel en der lei in moaie oanlieding yn it feit, dat se yn 1931 berne is. De bondel soe mei har tachtichste jierdei útjûn wurde kinne. Mar se hie leaver, dat se it mei har tachtichste yn hannen ha koe. Dus is keazen foar wat in gaadlike datum like. Wy stelden alles ûnder it betingst fan Deo Volente.

It gie oan, mar op it webstee fan Tresoar lies ik, dat har wurk mear as njoggenhûndert bledsiden omfiemet. Dat soe tefolle wurde foar in sammelbondel. Dêrom besluten wy it fammeferhaal en it jonges-

boek yngeand te ferkoartsjen en ek yngeand fan styl te wizigjen. Doe't dat dien wie, waarden ek de gedichten op de elektroanyske meitinker set en hjir en dêr feroare. Yn de ynhâldsopjefte steane alle titels fan de gedichten en de koarte ferhalen en alle boektitels.

De feestlike presintaasje is steld op sneon 16 oktober 2010 yn it multifunksjoneel sintrum te Grou, dat eartiids in Grifformearde tsjerke wie en wêr't Marije tige warber west hat. Sûnt in oantal jierren wennet se om leeftiidsreden yn Ljouwert, wêr't har buertstjerke de Opstanningstsjerke is, in Folle Evangeelje Gemeente, dy't har goed opnommen hat.

De titel fan de sammelbondel "Ta Jo" is ûntliend oan de titel fan it earste boekje, dat der yn opnommen is en jout sekuer de bedoeling fan de hiele bondel oan, ek fan de net spesjaal Kristlike stikken en sels de mychhimmel, tekene op side 520, is in skepsel fan deselde God as fan wa't wysels skepsels binne. De presintaasjedei hat dan ek as titel krige: "De eare ta de Heare".

Ljouwert, augustus 2010

Marije Haaïma.

Marije Haaima-Hoekstra

Ta Jo

Dizze bondel draach ik op oan myn leave man
Anne Haaima
berne 4 febr. 1929 - ferstoarn 5 july 1974

Leave Anne, ús leafde krige stal yn de byltnis
fan ús bern

Printe by Van der Eems, Easterein,
1988

Nije folchoarder fan de gedichten: libbenslot, lofprizing, natuer, bern, kristlike feestdagen.

.....

Ta Jo slach ik de eagen op, dy't yn 'e himel troanet.
Sjuch, lyk as de eagen fan tsjinstfeinten op 'e hân fan har hear,
lyk as de eagen fan in tsjinstfaam op 'e hân fan har frou,
sa binne ús eagen op 'e Heare ús God, oant Er ús genedich is.
Psalm 123:1,2 (Oersetting dr. G.A. Wumkes, steatestavering):

Rubryk 1: Libbenslot

Hear, bliuw my nei

As ik ris wer net sliepe kin,
myn tinzen faak noch swarter bin
as fan de nacht, dy't my omslút,
rop ik it yn myn eangsten út:

“Hear, wêr bliuwt dochs jo heil, jo treast
foar wat ik mis en aldermeast
hjir leave en dat myn libben folle?
Lis dochs, o Hear, myn wurge holle
yn jo skerte en fier my mei
út myn tsjustre tinzen wei!

Ik wit it wol, Jo ha ‘t faak sein:
‘Wier, al myn bern oan libbensein,
dy helje Ik yn myn himel thús,
want dêrfoar stoar Ik oan it krús.’

De bibel ha ik stikken lêzen,
mar it bleau kâld yn hiel myn wêzen.
‘k Foel altyd op ‘e minsk werom.
Der is safolle my ûtnomd.
Ik kin allinnich noch nei Jo
mei hannen leech. Hear, help my no!

De hiele nacht ha ‘k om Jo socht.
Ik bin dochs troch Jo Soan frijkocht?
Help, Heare, want ik kin net mear;
de iensumens docht my sa sear.

O, as myn hân oer ‘t kessen aait,
dêr’t noait wer Anne’s holle leit,
omdat er yn ‘e himel is,
bin ‘k net fertrietlik, mar gemis
en leechte frette sa oan my.
Hear, jou my moed, bliuw Jo my nei.”

Ús skûle en ús skyld

Wêrom soe de takomst swart
yn jim eagen wêze?
Wat der moarn en fierder bart,
kin gjin minske lêze.
Jou jim lot
oer oan God.
Wol Him soargje litte.
Inkeld Hy kin 't witte.

Hoopje op God, Hy stipet jim
mei syn leafde en trouwe.
Ek yn dagen swier en slim,
sels by leed en rouwe.
Ja, Hy brocht
treast en ljocht,
seine op al jim wegen,
ear't jimsels it fregen.

Lis jim soargen del foar God,
sit net yn 'e kûle.
Sjoch omheech by 't drôvich lot
nei jim skyld en skûle.
Hoop yn 't hert?
Nacht en smert
sille wis ferdwine.
't Hearlik ljocht sil skine.

Help my!

It swietste swiet is it geniet fan de ferbeane fruchten.

Lit ik my gean, 't ferstân stilstean en jou ik ta oan lusten,

laket it lok. Mar 't wurdt ta flok: gjin feilge himelkusten.

It soerste soer bliuwt der fan oer.

Help my dêrtsjin en meitsje my bewuster.

Ik

De swierste striid op ierde is dy tsjin 't eigen Ik.

'k Moat my yn God ferlieze, ear't ik de himel rik.